

## Les 4

### 4.1. Staving

Underwiislearmiddels: sjoch les 1.

#### 4.1.1. Staveringsopdracht

Besykje om sûnder boarnen de neikommende wurden goed te staverjen troch de folgjende letters (lûden) goed yn te foljen: *û/oe; ú/u; u/e fan 'put'*:

- |                    |                          |
|--------------------|--------------------------|
| 1. t...chblikje    | 9. rikelj...             |
| 2. gegn...f        | 10. mei rj... achtinge   |
| 3. n...ten         | 11. Baai...m (plaknamme) |
| 4. gn...ve         | 12. foar...m             |
| 5. men...          | 13. iens...m             |
| 6. H...! (...trop) | 14. bliks...m            |
| 7. st...mper       | 15. skoar...m            |
| 8. b...ltich       | 16. stik...m             |

Doch itselde mei: *o - ô; a - â; o/a; ô/â; e/ê*:

- |                         |                        |
|-------------------------|------------------------|
| 1. it h...k             | 14. it s...lte wetter  |
| 2. it n...t             | 15. in dr...f barren   |
| 3. f...nge              | 16. hja k...ket lekker |
| 4. de W...lden          | 17. gr...t             |
| 5. r...ne               | 18. hy sk...p my       |
| 6. s...nich             | 19. k...gje            |
| 7. r...t                | 20. b...rn             |
| 8. r...ttekleaster      | 21. g...rs             |
| 9. it s...p             | 22. solid...r          |
| 10. sl...ppe tee        | 23. pr...ry            |
| 11. dy j...s p...st net | 24. mayon...ze         |
| 12. de p...strinder     | 25. w...rom ('terug')  |
| 13. it k...lde waar     | 26. w...rom ('waarom') |

Ferlykje jo skriuwwize(n) mei dy fan de oaren yn jo groep(ke) of brûk it korreksjeblêd. As der flaters yn sitte, pak dan haadstik 6, 7 en 8 fan *Staving* derby en lês dat troch. Ferbetterje de flaters.

#### 4.1.2. Staveringsregels

Tink yn it Frysk om de folgjende regels:

1. De kombinaasje *-gn-* mei de útspraak [nj] wurdt stavere as *nj*: *kompanjon, sjampanje, konsynje*.

2. De *h* yn e kombinaasjes *th, gh* en *rh* ferfalt; de kombinaasje *ph* wurdt stavere as *f*.

Foarbylden:

-th-: *antology* (= karlêzing), *apatysk, autentyk, sympaty*

-gh-: *spagetty*

-rh-: *roadium* (= in platinametaal)

-ph-: *faryngitis* (= ûntstekking yn de kielholte), *filtrum* (= leafdesdrank), *fylaks* (Gr. *phylax* = wachter, beskermer)

3. De Frânske lûdtekens *ai, ê, è*, en *ei*, útsprutsen as yn it Fryske *bêd*, wurde stavere mei *ê*.

Foarbylden:

ai: *primêr, literêr*

ê: *mêlearje, enkête*

è: *ampêre, misêre*

ei: *bêzje*

Yn dy pear gefallen dat de *ai* moai koart útsprutsen wurdt, wurdt dochs *ê* skreaun.

Foarbylden: *forfêt* (= fêst bedrach), *kêsson, tonsuer* (= krúnskearing). In útsûndering is *kres(j)*.

4. De *ou* útsprutsen as [u], wurdt stavere mei in *û*.

Foar in *r* wurdt de *ou*, útsprutsen as [u.] of [u], stavere as *oe*.

Foarbylden:

ou: *bûzjy, sylhûet, bûtade, karrûsel, kûlant, kûpuere, gûasje, gûverneur;*  
our: *sjoernaal, koeraazje, toernee, entoeraazje, amoereus, boerzoisy.*

#### 4.1.3. Staveringsopdracht

Folje no mei help fan boppesteande regels de folgjende letters yn: *f, g, nj, r, t, ê, û, oe*:

- |  |                                       |
|--|---------------------------------------|
| 1. konsi...earje                           | 15. Ren...ssânse                      |
| 2. kompa...y                               | 16. tr...teur (= útstjoerkok)         |
| 3. si...aal                                | 17. kr...s(j) ('crèche')              |
| 4. syn...eze                               | 18. ik bin sl...ch                    |
| 5. pa...etysk                              | 19. s...plesse                        |
| 6. spa...etty                              | 20. t...pet                           |
| 7. ...odendrum (in strûk)                  | 21. g...verneur                       |
| 8. ...aryngitis (= kiel[holte]ûntstekking) | 22. b...ljon                          |
| 9. imazjin...r                             | 23. f...illearje                      |
| 10. reaksjon...r                           | 24. k...reur                          |
| 11. enk...te                               | 25. k...rzjette (= in beskate frucht) |
| 12. premj...re                             | 26. k...rtaazje (= makeldersprovyzje) |
| 13. mis...re                               | 27. ik sl...ch him                    |
| 14. b...zje (kleur)                        | 28. b...kebeam                        |

De goede foarms binne benammen te finen yn *Stavering* en de *Nije list*. Sykje dy op as jo net wis binne fan josels. Sjoch út en troch jo listke fan ferbetterings fan (alle) foargeande staveringsopdrachten troch.

#### 4.2. Tiidwurden

*Underrwiislemiddels*: sjoch les 1.

##### 4.2.1. Tiidwurde-opdracht

Ferbûgje sûnder boarnen (ûnder de les of thús) de neikommende tsien sterke ûnregelmjittige tiidwurden yn alle persoanen, notiid, doetiid en mulwurd. Mij de eventuele swakke farianten dêrby: *bedrage, befelje, befinge, begjinne, belide, berekke, beswike, bidde, blaze, bliede*. Ferlykje jo ferbûgings mei dy fan de oaren yn jo groep(ke). Ferlykje nei ôfrin jo ferbûgings ek mei dy fan de alfabetyske list (part B) fan *Tiidwurden* (s. 35-37) en mei dy fan de *Beknopte Friese vormleer* (s. 54-55). Ferbetterje de flaters.

Ferbûgje op deselde wize sûnder boarnen de folgjende tsien sterke en ûnregelmjittige tiidwurden: *blike, bliuwe, briede, deie* (betsjutting?), *dekke, doar(r)e, drite* (betsjutting?), *erve, farre, feie*. Ferlykje nei ôfrin wer mei de list yn *Tiidwurden* en yn de *Beknopte Friese vormleer*. Ferbetterje de flaters. Lês letter sa no en dan jo ferbetterings wer troch.

##### 4.2.2. De tiidwurdsfolchoarder

Kwantitatyf is it grutste *syntaktyske* ferskil tusken it Frysk en it Hollânsk it ferskil yn 'e folchoarder fan 'e tiidwurden. De tiidwurdsfolchoarder kin dan ek tige beynfloede wurde troch Hollânske ynterferinsje. Flaters yn de tiidwurdsfolchoarder binne tige stigmatisearre. Dy moat men besykje te mijen yn jins praat en yn jins teksten.

##### 4.2.3. Tiidwurde-opdracht

Meitsje de neikommende *haadsinnen* ris op in goede wize ôf (by in haadsin kin *neat ynfoege* wurde tusken it ûnderwerp en de persoansfoarm). Set alle tiidwurden dy't tusken de heakjes steane, ris yn de goede foarm en de goede folchoarder.

1. Pyt hie der ... (bliuwe, moatte, stean).
2. Arjen hie dêr net ... (bliuwe, sitte, moatte).
3. Hja hie dêr better ... (bliuwe, lizze, kinne).
4. It wurk sil ... (dwaan, moatte, wurde).
5. It lân sil ... (wurde, ploegje, moatte).
6. Jehan en Kees sille ... (fytse, moatte, leare).
7. Ik soe dat ... (moatte, dwaan, hawwe).
8. Durk soe fan him ... (hawwe, moatte, ôfbite).
9. Ik soe better fan my ... (hawwe, moatte, ôfslaan).
10. Ik soe dy fyts grif ... (oersetse: hebben willen laten maken).

As jo net wis binne fan de goede foarm of folchoarder, pak dan *Tiidwurden* derby en lêst par. 4.4. (s. 24-25) troch. Set dy 10 sintsjes ris oer yn it Hollânsk. Hoe is de folchoarder dan yn it Hollânsk? Wat is jo konklúzje? Ferlykje Fryske sinnen mei it tiidwurd *hawwe* (of *wêze*) deryn ris mei har Hollânske wjergaders. No sil jo grif wat opfalle as it giet om de fraach oft beskate tiidwurden de foarm fan in *nammefoarm* (*ynfinityf*) of in *partisipium* (*mulwurd*) krije moatte. Wat is jo konklúzje? Sjogge jo dat ferskil ek as jo de Fryske sintsjes sûnder it tiidwurd *hawwe* oersetten yn it Hollânsk (dy mei *sille*)? Wat moat jo konklúzje dan *wêze*? Dochs moat jo ek noch wat opfalle by de foarm fan it tiidwurd *fytse*. Wat? Lêst no par. 4.2. en 4.6. út *Tiidwurden* oer de *mulwurdsfoarm* en de *nammefoarm* + *-n* ris troch (benammen par. 4.6.5.).

#### 4.2.4. Tiidwurde-opdracht

Meitsje no de neikommende *bysinnen* ris op in goede wize ôf (yn in bysin kin 'wat' stean tusken it ûnderwerp en de persoansfoarm). Set alle tiidwurden dy't tusken de heakjes steane, ris yn de goede foarm en de goede folchoarder.

1. Alwin seit, dat it wurk better ... (dwaan, moatte, wurde).
2. Ik bin fan betinken, dat Nynke net ... (meie, wurde, pleagje).
3. Us mem ropt, dat de wask net te ... (hoege, hingje, droegje).
4. Lammert seit, dat dy opdracht earder ... (moatte, ôfmeitsje, wurde, sille).
5. Durk tinkt, dat Wibe dêr ... (bliuwe, hawwe, moatte, stean).
6. Ik wist net, oft dy minsken dat wol ... (hawwe, wolle, meitsje, litte).
7. My tinkt, dat Hâns better net ... (narje, kinne, hawwe, wurde).
8. Soe it net sa *wêze*, dat Wytse dêr wat moais fan ... (oersetten: had willen laten maken).
9. Samme twivele, oft er dat boek juster wol ... (oersetten: zou hebben kunnen laten brengen).
10. Sytse ornearre, dat dizze les troch guon wol flotter ... (hawwe, kinne, meitsje, wurde).

As jo net wis binne fan de goede foarm of folchoarder, pak dan *Tiidwurden* derby en lêst par 4.5. en (s. 25-27) troch. Set foargeande sintsjes ris oer yn it Hollânsk. Wêr stiet de persoansfoarm yn de Fryske sintsjes en wêr yn de Hollânske? Hokfoar ferskillen binne der noch mear? Ferlykje de Fryske sinnen mei it tiidwurd *hawwe* (en *wêze*) deryn ris mei harren Hollânske wjergaders. Wat falt jo wer op? Wêr stiet de persoansfoarm en wêr it mulwurd? Is dat in fêste folchoarder? Hoe is dat yn sinnen sûnder *hawwe*? Wat moat jo konklúzje dan (wer) *wêze* (sjoch ek wer par. 4.2. fan *Tiidwurden*)?

#### 4.2.5. Tiidwurde-opdracht

Yn de *Beknopte Friesche Spraakkunst* fan Fokkema (1967<sup>2</sup>, 54) stiet oer de *modale* helptiidwurden te lêzen: 'Na de hulpwerkw. *sille*, *moatte*, *doare*, *kinne*, *meie*, *wolle* krijt de infinitief geen *n*: *Ik mei him net lije*.' Yn les 3 hat ûnder 'griemman' de skikking fan de tiidwurden *doarre* en *hoege* yn de sin omtinken hân.

*Ferbetterje* no de neikommende 'Fryske' sinnen:

1. Ik doarst it net te weagjen.
2. Do doarst net oer dy sleat te ljeppen.
3. Doarsto wol te fleanen?
4. Dy keardel doar it wol te sizzen.
5. Ik wist, dat er de man doarst oan te pakken.
6. De bern doarsten net op it iis te kommen.
7. Doarsto út te hâlden, datsto it net dien hast?
9. Dat hat er net doarst te weagjen.
10. Dat hiest net hoegd te dwaan.
11. Ik wit wol, dat wy net hoege te wachtsjen.
12. Mem sei, datst de wask net hingje hoechst te droegjen.

### 4.3. Taalregels en taaleigen

#### 4.3.1. Bynwurden

It bynwurd ('voegwoord') ferbynt sinnen (en soms ek sindielen of wurden) oaninoar. De funksje is krekt deselde as yn it Hollânsk. Sa is it ek mei de ferdieling yn groepen: der binne *lykskikkende* en *ûnderskikkende* bynwurden.

A. De lykskikkende bynwurden ferbine lyksortige sinnen (bygelyks haadsin + haadsin) of sindielen mei-inoar. It binne û.o.: *dus*, *en*, *noch*, *mar*, *want*, *of*, *as*, *dat*, *sawol* ... *as*, *net allinnich* ... *mar ek*. Foarb.: Ik wie it lêst thús, *dus* moast ik efkes wachtsje; Sipels woed er net ite, *noch* beantsjes; *Sawol* Brechtsje *as* Jantsje moat foaryn sitte.

By telwurden: ienentweintich; yn gearstallings: hynder-en-wein, man-en-wiif wurde, kop-en-pantsje; sindielen: hy *en* ik, like grut *as* ik (bin); sinnen: Ik wist it, *mar* ik sei it net; Durk moast nei syn wurk, *dat* hy helle de auto út de garaazje; Hy sei, (*dat*) hy hie it net witten.

B. Underskikkende bynwurden ferbine ûngelyksoartige sinnen (haadsin + bysin of bysinnen fan ûngelikense oarder) mei-inoar: *dat, oft, as, oant, doe't, ear't, mei't, nei't, no't, sa't, sûnt (dat), bydat, foardat, wylst, omdat (om't), trochdat, sadat, neffensdat, sûnderdat, mits(dat), (al)hoewol't*.

1. It bynwurd kin ien fan de foarnamwurden (pronomina) *dy, wa; dat, wat* wêze; de earste twa gearstald mei de konjunksjes (bynwurden) *dat* of *oft*, de beide oare dêrsûnder. De earste beide wurde ferkoarte ta *dy't* (< *dy dat*), *wa't* (< *wa dat, wa oft*), mar *wa dat* en *wa oft* binne ûnferkoarte yn gebrûk. *Foarbylden*: Kom op, *dy't* de moed hat; *Dy't* wist, *dy't* wûn (yn de haadsin wurdt it bynwurd werhelle: parallelisme); *Dy't* wol, kin meigean; *Wa't* it wit, mei it sizze; Ik frege *wa oft* it dien hawwe; De man, *dy't* ik mette; It boek, *dat* ik lêzen haw; Syn âlden, *dat* digere [flinke] lju wiene (ferl. ek *Beknopte Friese vormleer*, s. 29-30 ûnder 'betrekkeljke voornaamwoorden').

2. Kombinaasjes fan in bywurd (*der, hjir, dêr, wêr*) en ferhâldingswurd ('voorzetzel') (*troch, mei, ûnder, foar, by, om, fan*) (de saneamde foarnamwurdlike bywurden) komme ek foar: De pinne, *dêr't* ik **mei** skriu; It boek, *dêr't* ik **yn** lies; Ik wit net, *wêr't* er it **wei** hat; *Wêr't* dat **om** is, kin ik net sizze; Muorren, *dêr't* it wetter **by del** rûn. Merk de skieding fan de dielen op.

*Dêr't* wurdt brûkt as it weromslacht op dat wat al neamd is (it *antesedint*) en *wêr't* wurdt ornaris brûkt as dat net it gefal is. Yn it Hollânsk wurde foarms as 'waarmee' en 'waarvoor' brûkt om werom te ferwizen. Yn it Frysk komme sokke foarms ek wol foar, mar meastentiids wurde *dêr't* en *wêr't* yn kombinaasje mei in ferhâldingswurd ('voorzetzel') brûkt, bygelyks: It mês, *dêr't* ik de griente **mei** klearmakke haw; Hy frege, *wêr't* ik dat boekje **foar** brûke moast (sjoch ek *Beknopte Friese vormleer*, s. 30-31).

Tamminga hat yn syn *Op 'e taelhelling I* oer it betreklike foarnamwurdlike bywurd (of: it relative pronominale adverbium) skreaun. Foarms as *wêrby, wêryn, wêrop, wêrfan, wêrfoar, wêrtsjin* e.o. dogge faak tsjinst as *bywurd*. Mar tagelyk wize se tebek nei in selsstannichheid yn de haadsin (it saneamde *antesedint*), dat se binne sadwaande ek de (betreklike) *foarnamwurden* net wanlyk. Wat yngewikkelder foarms as *wêromhinne, wêrfoaroer, wêrtsjinoan* komme wat minder faak op it aljemint. De measte skriuwers brûke de dielen los fan elkoar en dan leafst mei it betreklike foarnamwurd *dêr't*. In sin as 'de stoel *dêr't* ik op sit' is dan ek gâns better as \*'de stoel *wêrop* ik sit' of \*'de stoel *wêr't* ik op sit'. Yn de skriuwtaal kinne dy lêste foarms mar better mijd wurde, ek al heart men se wol om jin hinne. *Wêr't* kin men wol brûke yn sinnen fan it type: Hy frege my, *wêr't* ik wenne; Ik wit net, *wêr't* ik it sykje moat; *Wêr't* er ek socht, hy fûn him net' (gjin *antesedint*, freget nei in plak).

It kin foarkomme dat yn in bysin de beide lidden fan it skiedber brûkt bywurd te fier útinoar komme te stean of dat besibbe foarms om dat lêste lid hinne kringe.

Foarbylden dêrfan binne bygelyks:

- Dat jildt ek foar it 'âlde hûs', *dêr't* de ferskinning fan de deade Tsjalke, *dy't* de ferteller konfrontearret mei syn ropping as keunstner, my út it ferhaal wei krekt net needsaaklik **yn** wurde wol;
  - It tige wichtige folksaardûndersyk yn Boarnburgum en omkriten bygelyks is in karwei, *dêr't* de útkomsten grif net ien twa trije pasklear **fan** makke wurde kinne';
  - De wize, *dêr't* de soldaten fan Napoleon de Russyske Kozakken fakentiids **op** behannelen, is net te beskriuwen;
  - It boek bygelyks oer de boppestream fan it Ald Djip ..., *dêr't* de skiednis yn al syn fasetten **fan yn** neigien is.
- It eigenaardige fan dy lêste sin is dat *dêr't* + *fan* as *antesedint* 'de boppestream fan it Ald Djip' hat, wylst *dêr't* + *yn* tebekwiist nei 'it boek'.

Troch it skiedber brûken fan dy foarms, foaral yn lange, gearstalde sinnen, kin it twadde lid ek maklik fergeffen wurde: Al dy skandalen en misdieden wiene net ienris de reden, *dêr't* de Amerikaanske polysje maatregels tsjin de hurd opkommende macht en de oanwinnende brutaliteit fan de gangsters (**om?**) nimme woe. Hie der stien de reden, *wêrom't* (*wêrom oft*), dan hie der neat te rêden west. Yn de oare sinnen hiene de net-skate foarms *wêryn't, wêrop't, wêrfan't* of *wêryn't* grif net misstien.

3. *Foarnamwurden* kinne ek bynwurd wêze as se gearstald wurde mei de konjunksjes (bynwurden) *dat* of *oft*: *dy't, wa't*; en bywurden: *dus, sadwaande, doe't, dêr't, (by)wannear't, wêr't; al*; en konstruksjes lykas: *foarsafier as; yn hoefier as, sa lang as, sa gau as, foar it gefal dat, troch de wei dat, behalven dat, wa oft, wêr oft*.

*Foarbylden*: *No't* er hjir is, moat er hjir ek mar bliuwe; Men moat it nimme, *sa't* it is; *Sa't* (= op it stuit dat) ik dat skynsel seach, wie it ek wer wei; Ik wit net, *wannear't (wannear oft)* it bard is; It sil wol lang duorje, *ear't* it better is; Ik freegje my ôf, *wêrom't (wêrom oft)* er dat die.

4. It bynwurd kin ek it wurdje *dat* en *oft* wêze: It stiet wol fêst, *dat* er komt; Ik leau net, *dat* it wier is; Ik tink, *datst* gelyk haste; Hy wie op syn iepenst, *dat* er net ferrifele waard; It koe net, *dat* wy hawwe it mar mejûn (de bysin hat de foarm fan in meidielende haadsin). Opmerklik binne de konstruksjes: Wa tinke jo, *dat* it dien hat? Om hoe let sei er, *dat* it klear wêze koe? It earste sindiel fan de haadsin heart by de bysin. It wurdje *oft* wurdt meast útsprutsen as *o't*: Ik wit net, *oft* dat wol wier is; *Oft* (leaver: *As*) er sà wol, sil ik him; It is de frage, *oft* dat kin; Ik frege dy, *oftst(o)* my helpe koest (Sipma, *Ta it Frysk*, 80); Hy hâldt him, *oft* er nearne fan wit; It is, *oft* de duvel dermei spilet; Hy wist net, hokfoar boek *oft* er foar kar nimme soe.

Yn it Hollânsk komt it op foargeande wize brûken fan *dat* en *of* ek wol ris foar: Weet jij, *waar (of)* hij woont?; Hij schrijft niet, *wanneer (dat)* hij komt; En voert mij bij 't rappier op zijde, *Waar dat* gij treedt (Hooft); Geen van beiden weet, *wat dat* het leven is (Kloos). Yn it Hollânsk binne sokke konstruksjes frijwol ferdwûn, yn it Frysk perfoarst net. Yn de rin fan de 19<sup>de</sup> ieu wurde party foarms mei 't fan útsûndering krekt ta regel. Om 1880, 1900 hinne hat dat frijwol syn beslach krige. De 't is net allinnich in ferkoarte foarm fan 'dat' of 'oft', mar ek foarms mei *as* geane oer yn 't. Van der Woude jout as ferklearring dat de algemien hearskjende *betizing* tusken *as*, *of* en *oft (o't, at)* hjir mei ûnder skûlet. Sa kin earst 'hoefier oft' oer 'hoefier o't' wurde ta 'hoefier't'. Mar dan kin ek maklik 'safier as' oer 'safier o't' oergean ta 'safier't'. De 't is neffens Van der Woude sa stadichoan o sa produktyf wurden: de 't tsjinnet langer yn 't Frysk om oan te jaan, dat der in *ferbân* is mei in foarôfgeande of folgjende sin.

J.K. Dykstra brûkt *oft* noch fakultatyf yn sinnen as: Hoe let (oft) jo ek komme, jo binne altyd wolkom, Hoe moai (oft) Fryslân is, is mei gjin pinne te beskriuwen (s. 210 fan *Op 't aljemint*). Buma en Tjepkema (*Efkes taelbuorkje*, 247) binne fan betinken dat *oft* yn sokke sinnen nèt neffens eigen (foar)kar weilitten wurde mei: Hoe wis *oft* de lear is; Hokfoar brief *oft* dêr leit, wit ik net; Hoefolle *oft* it ek wer wie, doar ik net mear sizze. A. Feitsma brûkt *oft* (almeast skreaun as 'ot'), foarsafier't ik neigean kin, ek systematysk wòl yn sokke sinnen. Foarbyld: Nijsgjirrich is yn dit ferbân de fraach yn hokfoar taal *oft* de minniste lekeprekers yn en bûten de Fermanjes it wurd fierd hawwe.

WB-I jout as foarbylden fan 'oft':

- a. 'Of' (ûnderskikkend): Ik sil ris hearre, *oft* it wier is; *Oft* dat sa is, sil aansen bliken dwaan. *Oft* er wol of net, hy moat. *Oft* ik ek útnaaie soe! Sjoch ris hoe'n moaie blom *oft* dat is, hoe moai *oft* dy blom is.
- b. 'alsof': Hy die krekt *oft* der neat bard is. Hy iet *oft* er yn trije dagen neat hân hie.

Foar de staveringsferoaring fan 1945 skreau ien gauris *oft* noch as *eft*. Lykas ek *ef* foar *of*. Dat sil noch wol in oerbliuwsel west hawwe fan it Aldfryske 'ieftha' of mei in oare foarm 'jeft'.

*Oft* moat net betize wurde mei *ofte*, want dat is de âlde foarm fan *of*, dy't noch bewarre bleaun is yn sinnen lykas:

- a. 'Of' (lykskikkend): Stiet dy toer net min *ofte* mear út it lead?; Giest ek mei, ja *ofte* nee; Min *ofte* mear.
- b. 'noch': Hy kin it hyn *ofte* nei (net) tsjin my hâlde mei damjen (ek: hein *ofte* nei); Nea *ofte* nimmer/ninter.

5. De bynwurden *of*, *oft* en *as* wurde faak trochinoar helle. *Of* wurdt brûkt krekt as it Hollânske *of* tusken twa haadsinnen of twa lykweardige sinnen. Ingelsk: *or*; Dútsk: *oder*. Bygelyks: Hy komt thús *of* hy giet fuort (by in tsjinstelling). Ferlykje yn it Ingelsk: Would you like tea *or* coffee; Tell me *or* I'll kill you. Ferlykje yn it Dútsk: 'früher *oder* später'; 'entweder du, *oder* ich'.

*Oft* wurdt brûkt tusken in haad- en in bysin (by in fraach of twivel). Ingelsk: *if, whether*; Dútsk: *ob*. Bygelyks: Hy frege my, *oft* ik it dwaan woe (He asked *if* I could do it); Ik wit net, *oft* ik it dwaan kin (I don't know *whether* I can do it). Ferlykje yn it Dútsk: Ich frage mich, *ob* er kommen wird.

*As* wurdt brûkt foar it Hollânske *als* en *dan*. Bygelyks: Klaske is grutter *as* Jan (ferliking); It is sa *dúdlík as* it mar kin; Do krigest iten *as* it tiid is, no net; *As* de loft delfalt, hawwe wy allegearre in blauwe mûtse op (betingst); *As* ik it mar oan tiid hie, dan soe ik it wol dwaan; Hy is sa goed net, *as* er him hâldt; *Ast* it wolst, kinst it mar dwaan.

De bynwurden *as* en *oft* wurde soms trochinoar brûkt yn sinnen as: *Oft/as* der net in stoel stien hie, dan wie ik oer de grûn trûzele; *Oft/as* Jan strak út skoalle komt, moat er earst nei de bakker. Yn sinnen mei sa'n 'indien'-karakter jou ik mei ien *as* Tsjepkema (s. 247) de foarkar oan *as* as standertfoarm. Ferlykje ris mei it Ingelsk: It wie krekt *as* soene se oerein gean/It was just *as if* she were going to stand up; Hy die *as* hied er it net murken/He acted *as if* he had not noticed it.

Yn guon teksten komt men wolris de foarm 'at' (by Feitsma 'ot') tsjin. It WB-I seit dêrfan: 'In spreektaal en soms in schrijftaal voor *as, oft*.' Guon tinke dat *at* oer *oft/o't/ot* ûntstien is, oaren sjogge der mear in assimilearre foarm fan *as* yn (Tsjepkema, 247-248). Mei *at* foar *as* en *oft* giet it sichtbere ferskil tusken dy beide wurdjes ferlern. Soene jo in sin

lykas: 'As er dy freget, *oft* ik ek meidoch, dan seist mar nee', ynruilje wolle foar: 'At er dy freget, *at* ik ek meidoch ...'? Omdat it brûken fan *at* betizing jaan kin mei *as* en *oft* en (ekstra) problemen jout by it oanlearen, kin dy fariant mar better net brûkt wurde as standertfoarm. Yn Afûk-ûnderwiislearmateriaal foar leargongen heart *at* (as gefolch fan in DB-beslút) dan ek net foar te kommen.

6. Ferbiningswurden dy't in *haadsin* en in *bysin* ferbine, krije yn it Frysk hast altyd 't, dy't útsprutsen wurdt. Om in haadsin fan in bysin te ûnderskieden, moat men besykje om in *wurdsje/wurdsjes* tusken ûnderwerp en persoansfoarm te setten: yn in haadsin kin dat net, yn in bysin wol. In formeel ûnderskied tusken *byn*wurden en *by*wurden is: *byn*wurden bewurkje gjin omkearing (ynverzje) fan ûnderwerp en persoansfoarm (ferl.: **Doe't ik** (letter) **thúskaam** ...; **Wêr't er** (dan) **wennet**, wit ik net), *by*wurden dogge dat wòl. Ferl.: **Doe kaam ik** (letter) thús; **Wêr wennet er** (dan)? Yn de beide haadsinnen kin 'letter/dan' nèt tusken it ûnderwerp en de persoansfoarm stean. De sinnen soene ûngrammatikaal wurde: \*Doe **kaam** (letter) **ik** thús. Der binne lykwols ek foarms sûnder ferbinings-*t* (lykas) en it kin ek foarkomme dat de ferbinings-*t* deroan fêstsit (wylst, sûnt). De bynwurden hoege net perfoarst tusken de sinnen te stean, mar kinne ek oan it begjin fan de earste sin stean. Se steane wol altiten foar de bysin: Doe't ik al op bêd lei, kaam myn frou earst thús.

#### 4.3.2. Koart oersjoch bynwurden

Hjirûnder folget in koart oersjoch. Dat kin in stipe wêze by it skriuwen fan teksten.

##### 1. Underskikkende *byn*wurden *sûnder* ferbinings-*t*:

- as: As it net kin, moat it mar oergean (der wurdt in *betingst* útdrukt).
- al: Al kaam er let, hy kaam dochs.
- lykas: Lykas ik al sei, ik haw it net oan tiid.

##### 2. Underskikkende *byn*wurden dy't *wòl* útgeane op in -*t*:

- dat: Hy sei, dat er net komme koe; Dat it trochgiet, is wol wis; Hy moast nei skoalle, dat hy helle de fyts út it hok; Se fytste (sa) hurd, dat se net de lêste wêze soe.
- oft: Ik wit net, oft ik wol mei; Ik twivelje der oan, oft it goed komt; Hy frege, oft ik mei mocht (Ingelsk: 'whether, if')  
Opm.: *Dat* en *oft* binne 'neutrale' bynwurden; se sizze neat oer de ferhâlding tusken de dielen dy't se ferbine.
- wylst (soms: wyls't): Wylst wy dêr sieten, begûn it te reinen.
- oant: Wy wachtsje oant it droech is; Oant it nij jier hjir is.
- sûnt: Sûnt hy (klam!) hjir is, is it hieltyd rûzje.
- omdat: Ik bin let, omdat ik in gearkomste hie (der wurdt in *reden* útdrukt).
- trochdat: Trochdat it salang duorre, kamen wy te let thús (der wurdt in *oarsaak* útdrukt).
- sadat: It reinde dat it easde, sadat wy dweiltrochwiet waarden (*gefolch*).  
Opm.: Wurde *sa* en *dat* skaat, dan jout dat gefolch tagelyk in *graad* oan fan it foargeande: It waaide *sa* fûl, *dat* der tûzenen beammen sneuvelen. Hy waard *sa* lulk, *dat* er alhiel weiloeke.
- meidat: Meidat ('omdat, aangezien; doordat') it reinde, moast it oergean; Meidat ('terwijl') Ruerd deryn kaam, gong ik fuort.
- foardat: Foardat er fuortgong, joech er my in brief.
- mits: Ik wol wòl, mits oft [= mitsdat] er frij kriget. Ik wol wòl, mits hy ek meidocht.
- wat ... wat: Wat mear as it keal friet, wat grouwer as it waard; Wat âlder wat better.

##### 3. Underskikkende *byn*wurden mei in losse ferbinings-*t*:

- doe't: Doe't er kaam, wie ik der net; It wie in tiid doe't de arbeiders it net sa bêst hiene.
- ear't: It kin lang duorje, ear't er thúskomt; Ear't it sa wurdt, soe ik der mar wat oan dwaan.
- nei't: Nei't er operearre is, hat er gjin lêst mear hân.
- wannear't: Wannear't er komt, wit ik net (*tiidsrelasje*); Wannear't er dy bedragen hat, moat er dy jild jaan (in *betingst* wurdt útdrukt).
- hoe't: Hoe't it komt, wit ik net.
- no't: No't wy in auto hawwe, kinne wy maklik komme.
- (al)hoewol't: Hoewol't ik it frege haw, wit ik noch neat.
- dêr't: It doarpke, dêr't ik berne bin (antesedint).
- wêr't: Hy frege my, wêr't ik weikaam; Wêr't er wennet, wit ik net (freget nei in *plak*).
- sa't (selde betsjutting as *lykas*): Sa't it no stiet, kom ik nije wike. Ferl.: Sa'st (sast(o)?) sjochste, binne wy net ryk.  
Ing.: As you see, we are not rich.
- om't (selde betsjutting as *omdat*): Hy komt hjoed net, om't er siik is.
- troch't (selde betsjutting as *trochdat*): Troch't er opholden waard, wied er nochal let. *Troch't* komt yn de praktyk eins net foar.

- mei't (selde betsjutting as *meidat*): Mei't sy der ynkaam, wiene se allegearre stil; Mei't der net mear safolle studinten komme, binne de kolleezjes opholden.
- foar't (selde betsjutting as *foardat*): Foar't ik der erch yn hie, wie it al sa.
- dy't: De âlde fiskers dy't op 'e bank sitte.
- hoewol't: Hoewol't ik har net sa bêst ken, sil ik har in oanbefelling jaan.

Ferfalt de ferbinings-*t* by de twadde persoan iental? As der gearheapping fan bylden is by kombinaasjes mei *at/oft*, dan falt de *t* neffens Tiersma (s. 99) ornaris wei om dy kloft wat te ferienfâldigjen. Ferl. Sipma (III, s. 80): Ik frege dy, *oft* my helpe koeste. Tsjepkema (s. 247) skriuwt lykwols: Mar ris ôfwachtsje *oftst(o)* it wol úthâlde kinst. Neffens Jarich Hoekstra en inkelde taalkundigen fan de Fryske Akademy is der net in echte regel yn de sin dat ien, bgl. in autoriteit, sein hat hoe't it al en net moat. Sy binne lykwols fan betinken dat der gjin inkelde reden is om de bynwurd-'*t* yn de stavering wei te muozjen. De noarm moat dus winliken wêze: *oftst*, *sa'tst*, *no'tst*, *doe'tst*, *dy'tst*, *dêr'tst*, ensfh. (sjoch ek R. de Haan, *Mei freonlike groetnis*, 1995, s. 129)

It Frysk hat in fonologyske regel dy't in *t* weifalle lit foar *-st*. Dus *ytst* wurdt útsprutsen as [ist]. Yn 'e stavering fan it Frysk wurdt dat weifallen fan de *t* lykwols nea honorearre. Wy skriuwe *ytst* mei in *t*, hoewol't wy him nea útsprekke. Op 'e selde wize hearre wy ek *oftst*, ensfh. te skriuwen, sels al bliuwt de *t* yn 'e útspraak wei. As it grûnwurd op *-st* útgiet en der komt in útgong *-st* efter, dan kriget men *ûntdûbeling*: *stst* > *st*. Net allinnich yn 'e útspraak, mar diskear ek yn 'e stavering. Wy skriuwe bygelyks (do) *rêst* en net *\*rêstst*, hoewol't dat logysk wêze soe. En sa skriuwe wy by bynwurden ek *wylst(o)* en net *\*wylstst(o)*.

Ferlykje ek Tiersma (s. 62): Dat is de jongfaam *dy'tst* kenst. *Kurze Formenlehre* (s. 21): Do, *dy'tst'* neat fan soks hawwe moast. *Beknopte Friese vormleer*: Dû *dy'(ts)t* wit(st) fan wa't alles is wat hjir leit (s. 30).

Sykje no ris by do yn WB-I (s. 181). Dêr fine jo û.o.: *doesto*, *noosto* en *dêrsto*. Dy konstruksjes kinne dus mar better mijd wurde. Ferlykje ek *Mei freonlike groetnis* (s. 129) oer dy kwestje (sjoch ûnder de stekwurden *wêr't* en *dêr't*).

### 4.3.3. Opdracht

A. Folje no mei-inoar yn de groep (of thús) yn: -, 't:

1. Doe (...) wie se klear en kaam nei hûs.  
Doe (...) se klear wie, kaam se thús.
2. Ear (...) de winter foarby wie, wiene se troud.
3. Nei (...) er operearre is, hat er nea gjin lêst wer hân.  
Hy praat nei (...) er wiis is.
4. Wannear (...) komt er thús?  
Wannear (...) er thúskomt, wit ik net.
5. Wêr (...) Sake wennet, kin 'k net sizze.  
Wêr (...) wennet Sake eins?

B. Folje no (thús) de bynwurden *as*, *al*, *of*, *oft* en *ofte* yn (frij nei *Styl en Stavering*, 71-72):

1. Hjoed ... moarn sil Pyt my wol sizze, ... er it dien hat ... net.
2. Durk moast op it lêst tajaan, dat it min ... mear syn eigen skuld wie.
3. Ik soe dy man net wer kenne, ... stroffele ik oer him.
4. It like wol, ... Jehan it net wêze woe.
5. It like wol, ... woe Aly it net wêze.
6. ... Lammert it boek weibrocht hat ... Samme, dat docht net ta de saak.
7. By it hearren fan it nijs wie it Kees, ... sonk er troch de grûn.
8. Ik soe him neat dien hawwe, ... hied er my ek noch sa narre.
9. It wurdt net wer goed tusken ús, ... hy moat earst skuld bekenne.
10. Peter skepte yn 'e snie om, ... hong it libben deroan.
11. Ik kin jimme hyn ... nei net sizze, hoe let ... wy jûn werom komme.
12. Do moatst no sels mar sizze, ... dyn jild barre wolst, ja ... nee.
13. ... sneontejûn by my komste, kinst myn nije boekekast sjen.
14. Dat is like lang ... it breed is.
15. Hy woe en hy soe de priis winne, ... soe de ûnderste stien ek boppe.
16. Ik kin de jûns net wer werom, ... it moast wêze dat der nei tolven noch in bus rydt.

Bepaat eventuele problemen (letter) yn de groep.

De *foarnamwurdlike bywurden*, dy't yn it Hollânsk ûnskiedber brûkt wurde, binne yn it Frysk almeast skiedber. 'Het huis, *waarin* ik woonde, was al eeuwen oud', kin oersetten wurde as: It hûs, *dêr't* ik yn wenne, wie al ieuwen âld'. *Dêr't* en *yn* steane net safier útinoar.

C. Set (mei-inoar yn de groep of thús) ûndersteande sinnen ris oer (frij nei *Styl en Stavering*, s. 60).

1. De ladder, waarop Wiebe stond, begon te kraken.
2. De toekomst, waarvan Arjen droomde, scheen erg rooskleurig.
3. De reden waarom jullie het deden, was niet praktisch.
4. De boom, waaronder zij zaten was een bruine beuk.
5. Het verleden, waaraan Alie dacht, had ook zijn mooie zijden.
6. De zweep, waarmee jij klapte, was van leer.
7. Het middel, waarbij de patiënt baat vond, werkte uitstekend.
8. Het gebouw, waarvoor wij stonden, bleek het museum te zijn.
9. De bevrijding, waarnaar ieder uitzag, stond voor de deur.
10. De ramp, waardoor het land getroffen werd, was niet te overzien.
11. De misdaad, waarover de mensen spraken, bleef onopgehelderd.
12. Het land, waarheen de emigranten reisden, was zeer vruchtbaar.
13. De schutting, waarachter Hans zich verschool, was niet hoog.
14. De hei, waarboven de blauwe zomerhemel welfde, begon pas te bloeien.
15. De rotswanden, waartussen het pad zich verloor, helde ter weerszijden over.
16. De school, waarnaast de fabriek stond, kwam net uit.
17. De toestanden, waartegen de strijd ging, waren vreselijk.
18. De herberg, waaromheen de wind gierde, stond aan een bosrand.

#### 4.3.4. Opdracht taaleigen en taalregels út *Mei freonlike groetnis*

Lês globaal de siden 56-70 troch fan *Mei freonlike groetnis*. Meitsje oantekens en jou rju omtinken oan:

- *ij*: it is de baas en skriuw yn it Standertfrysk net *hij*, *wij* ensfh., mar *hy*, *wy* (distânsjemotyf). Dy *y* bliuwt ek stean yn frjemde wurden (faak fan Grykske komôf) as it Hollânsk dy ek hat: *heteronymy* (in *heteronym* is in *synonym* dat allinnich yn gefoelswearde ôfwykt), *typearje*, *analyze*, *pyromaan*.
- *jo*: tink om it ferskil tusken *jo* en *jimme*.
- *keppelstreekje*: 50-plusser; Sint-Piter (mar: St. Nyk); Frysk-Hollânsk; Drachten-Sintrum; adjunkt-direkteur; de kommisje-Van Ommen; kop-en-pantsje; lange-termynûntjouwings, Twadde-Keamergebou; Noard-Fryslân; frou Hiemstra-van der Veen; fise-foarsitter (*Nije list*: vice-foarsitter), in net-Fries; anty-Frysk; database-behear, 8-inchdiskette, multiple-choise-fragen (sjoch de *Schrijfwijzer* fan Renkema foar mear en oare foarbylden).
- *klam(mer)kes*: lêstekens yn sitaten (sjoch ek: F.B. Dijkstra, *Stavering*, par. 17.4.5.):
  - It keamerlid sei: 'De minister hat myn fraach net beândere.'
  - 'De minister', sei it keamerlid, 'hat myn fraach net beândere.' (ûnderbrutsen sitaat)
  - 'Dat is', sei er, 'fansels wier.' (ûnderbrutsen sitaat)
  - 'Fansels,' sei er, 'dat is wier.' (útsûndering by in ûnderbrutsen sitaat; yn *Fansels*, [komma!] *dat is wier* wurdt in stikje fan de sin *nei* in skrapke (komma) ôfbrutsen; de komma heart by '*fansels[,]*'; it oanhelteken (klam[mer]ke) komt dêr no rjochts fan om de komma èk yn te sluten.
  - Yn kêst 2, lid 1, fan de Wet iepenbierheid bestjoer lêze wy: 'Us minister (...) jout op eigen manneboet ynformaasje (...).'
  - Sei er: 'Dat is wier.'?
  - Hâld dy stil, man, mei dyn ivige: 'Dat is wier?'!
  - Sei er: 'Hâld dy stil, man!'?
  - 'Dat is dochs net wier!', rôp er.
  - 'Is dat echt net wier?', frege er.
- *lidwurden*: De Haan jout gjin betsjuttingsferskil tusken \**de* fabryk en *it* fabryk, mar *fabryk* is altyd ûnsidich, dus in *it*-wurd (ferl. ek it wurdboek)!

#### 4.3.5. Griemank út *Op 't aljemint* of oare boarnen

*Underwiislearmiddels*: sjoch ûnder les 1.



Aardige taaleigenboekjes dêr't ek gâns út te heljen is, binne:

- Douma, S.W. [D. Kalma], *Frysk Taeleigenboekje I en II* (It túch der út; It goede krûd). Drachten: Laverman, 1946.  
Rige lytse paedwizers 2 en 3.

\**kenlik*'

*Foar 't neist(e)* is \*kenlik ('kennelijk') dúdlik sichtber in wurd mei in Hollânsk luchje, dat mar better mijd wurde kin. WB-I neamt it al, mar jout gjin foarbyldsinnen. WB-II ken it (by)wurd nèt en set 'Hij deed het *kennelijk* met opzet' oer mei: Hy die it *kleardernôch* mei sin, opset; Hy die it mei sin, opset, *liek it*; Hy die it, *sa't it liek*, mei sin, opset.

*k(j)itse*

Holl. 'ketsen': It gewear kitste; Kitst wurde by in eksamen (= ôfwiisd); De izers fan it hynder kitsten op 'e balstiennen (= fjoerslaan); Kits nau op (= mei in skip skerp te loevert hâlde).

*klam en klim*

Holl. 'klem': hy hat gjin klam yn 'e hannen; Ik freegje it dy mei klam; Do leist de klam net goed. In *klam* of *klim* is ek in knippe om rotten en mollen mei te fangen. In oare betsjutting fan *klam* is: de grutste romte tusken tomme en pink. *Klam(mer)kes* binne *oanheltekens* of *skrapkes*. *Klim* is û.o. kaakkramp by hynders en skiep.

*klieme*

1. 'smeren, (doen) kleven': Sjerp op 'e wangen klieme; Immen in brogge klieme; Immen de eagen ticht klieme; Daai, in boffert *klieme* ('knedn'!).
2. 'zeuren en klagen': Kleie en klieme; Suchtsje en klieme.
3. 'treuzelen, langzaam en slordig werken': Och, dat fanke te kliemen!

*koaridom/koaridon*

Betsjut 'konsternaasje, opskuor': Dêr hawwe wy wol *koaridommen* mei belibbe.

\**kloppe*'

As Friezen freegje \*'Kloppet dat wol?' as se bygelyks jild werom krije, dan is dat dochs gjin goed Frysk. It is in *pragmatyske* ynterferinsje. 'Normaal' *taalgebrûk* is it om yn dy situaasje te sizzen: Komt dit wol goed/klear? It Hollânske 'dat klopt' soe yn letterlik oersetten Frysk 'dat kloppet' wêze moatte. As der lykwols net op in doar of sokssawat kloppe wurdt en der ek gjin sprake fan is dat in hert of swolm kloppet, dan heart men yn sa'n gefal te sizzen: *Dat komt út*.

Wat is de Hollânske ynfloed yn konstruksjes as: \*It is sûnde; \*Ferbeane tagong; \*Leau dat mar!; \*Net te leauwen!; \*Jo prate mei ... (as ien skillet)? Wat moat it wêze yn geef Frysk?

De ynfloed fan Hollânske *situative* noarms is tige grut, benammen yn situaasje dêr't it fatsoen tige meispilet. Ien dy't yn it Frysk seit fan 'neat te tankjen' of 'gjin tank' follet foar it neist de Hollânske situative noarm letterlik yn mei as geef Frysk bedoeld Frysk. Yn it geve Frysk wurdt dêrfoaroer earder sokssawat sein as: 'ja, klear', 'klear', 'yn oarder' (WB- II, 530) /'ynoarder' (WB-I, 443).

Wat soe jo oersetting wêze fan: *Wacht u voor de hond; Met hoogachting; Smakelijk eten; Graag gedaan/geen dank; Welterusten?*

*Komme (sitte, helpe, leare)*

Der binne mear sinnen mei tiidwurden lykas *komme*, dêr't de folchoarder fan is: *helptiidwurd + te/om te + nammefoarm (ynfinityf) + n*.

*Foarbylden*: Hy *komt* hjir *te* wenjen; Hy *komt* jûn (*om*) *te* skaken; Komt heit neist my *te* sitten?; Ik kom efter dy *te* stean; Hy *sit* *te* lêzen; Hy hat sitten *te* lêzen; Ik *help* har (*om*) *te* himmeljen; Ik haw har holpen (*om*) *te* himmeljen; Ik *lear* him (*om*) *de* wurden *te* skriuwen (sjoch ek par. 4.6. fan *Tiidwurden*).

As der gjin *saaklik foarwerp* ('lijdend voorwerp') yn 'e sin stiet, falt *te* wei: Ik *lear* him skriuwen. Dykstra (s. 156) seit it sa: 'te' kin as skeakel mist wurde, as it oare tiidwurd (de ynfinityf + n) in *beweging* werjout: Hy kaam der stadich *oanfytsen*; Wa komt dêr de strjitte *ynriden*? Arjen kaam der hurd *oanfleanen*. Lês fan *Tiidwurden* par. 4.6.2. (s. 28) ek ris troch.

Wy hawwe 'om' yn guon sinnen tusken heakjes setten. Oer it generaal moat 'om' lykwols brûkt wurde as men in *doel* oanjaan wol. As dat it gefal is, hiene wy de heakjes dus better *weilitte* ('fuorlitte' is gjin goed Frysk! Wêrom?) kinnen. Dat is yn it Hollânsk winliken krekt-en-allyk (Damsteeg, *In de doolhof van het Nederlands. Aanwijzingen voor een zuiver taalgebruik*, Zwolle, 1960, 80)!: Hij kwam op de vergadering *om* het bestuur eens flink de waarheid te zeggen.

### *kring of ring?*

In 'kreng, kadaver' is yn it Frysk in *kring*. Minsken of bisten kin men ek útskelle foar *kring*. It Hollânske 'kring' is yn it Frysk:

1. In sirkelfoarmige, sletten kromme line: *rûnte*, (it) *rûndel*: In *rûnte* meitsje ('een kring beschrijven'); Yn 'e ring (*rûnte*) stean ('in een kring staan'); Kom mar yn 'e *rûnte* ('kom maar in de kring'); ringen yn it taffelsblêd; pûden ûnder de eagen ('kringen, wallen, zakken onder de ogen'); in rêd, ring om 'e moanne; rinkjes blaze (fan reek); wol: krinkjespuie; rûntsjemealle ('in een kring ronddraaien; een cirkelredenering toepassen');
2. Groep minsken om ien hinne: *rûnte*, (it) fermidden;
3. Maatskiplike groep: *rûnte*, (it) fermidden: de heger-, legerein. *Rûndels* yn 'e ierdappels is '(k)ringerigheid'. Yn it ûnderwiis wurdt in 'kringgesprek' in *rûntepetear* neamd. In 'kringloop' is in *omrin*, *rûnte-* of *sirkelgong*. 'Kringlooppapier' wurdt *werbrûkpapier*.

### *krite en kontrei*

Krite kin û.o. 'omgeving' wêze. 'Omjouwing' stiet net yn de wurdboeken en moat dus mijd wurde. Mooglikheden binne:

1. *Rûnte* fan persoanen: (it) fermidden; immens om-en-by ('naaste omgeving');
2. Omstreken, krite, omkanten (pl.), omkriten (pl.): Yn de neiste omkriten, krite fan ...; (fuort) by ... om; it hear oersjen ('de omgeving overzien'); de wenkrite ('omgeving van iemands woonplaats'). Kontrei is 'omtrek', 'landstreek': Yn de kontreien fan Drachten wenje.

### *lea*

Tink om: De *lea befalle* my, *bejouwe* my; *dogge* my sear; *staten* my oan, *skodden* my. *Lea* is winliken meartal (fan 'lid'). Jin de *lea* fêst, sear, stikken, wurch hâlde ('in een gedwongen, moeilijke houding verkeren').

### *leech*

'Laagte' wurdt *lichte* en 'leegte' wurdt *leechte*.

### \* '(op)lette'

'Oplette' bestiet net yn it Frysk. Dat kin wurde:

1. derom tinke, goed tasjen: Moatst der goed om tinke, goed tasjen wat er docht; Tink der om! (Holl. : 'Let op!'); Tink der no goed om, ik doch it ien kear foar;
2. goed harkje: der by wêze, de kop (holle), jins omtinken derby hawwe: Asto der net by bist, dyn omtinken der net by hast, begrypst der aansen neat mear fan; de kop derby skuorre ('zich dwingen om op te letten').

Soms kin 'oppasse' ek brûkt wurde: Do moatst *oppasse*, datst him neat fertelst; Pas op/oppasse, wêr'tst(o) rinste!; Doe't mem nei stêd wie, moast de âldste oppasse. Ferlykje mei it Dútske 'aufpassen'; 'op de kinderen letten', 'auf die Kinder aufpassen', op de bern passe; 'paß doch auf', 'let doch op, kijk doch uit', pas dochs op!

### *lodde*

In *loddefiem* is de houtene stâl fan in lodde ('spade'), wylst de *loddejelt* de 'greep' of it 'handvat' is.

### *lûke*

It Hollânske 'Hij haalde zijn schouders (neus) op' of 'Zij trok haar neus op' kin yn it Frysk net mei 'ophelje' of 'oplûke' oersetten wurde. 'Hy helle syn skouders op' soe betsjutte, dat de skouders (efkes) op in oar plak lizze en dat se wer ophelle wurde moasten. It moat wêze: Hy loek oan 'e skouders; Hja loek oan 'e noas.

### \* 'mear en mear' en \* 'meardere'

'Hy makket \**mear en mear* flaters yn syn Frysk' is winliken in anglisisme ('more and more'). Yn it Hollânsk soe it wêze moatte: '*hoe langer hoe meer*' en yn geef Frysk: *wat langer wat mear*.

'Meardere' yn de betsjutting fan 'de baas', de 'superieur', de 'hegere yn rang' is normaal yn it Frysk (en it Hollânsk): Jou jo *meardere* alle ear; Hy is myn *meardere* as it op linigens oankomt. In *germanisme* is it yn de betsjutting fan 'mehrere': De striid duorre \**meardere* jierren (= ferskate, gâns); Der binne foar ús bedriuw \**meardere* (= in stikmannich, ferskate) beswieren oan ferbûn; Sokke aardige plakken binne der \**meardere* (= mear, aardich wat, in stikmannich) yn ús lân; \**Meardere* (= ferskillende) steateleden seine wat oer de nije besunigings. It wurd yn dy lêste betsjutting kin maklik mijd wurde.

*mei*

‘Hij gaat met de bus *mee*’ is nèt \*‘Hy giet mei de bus *mei*’, mar ‘Hy giet mei de bus (fyts)’. ‘Ga je met mij mee?’ wurdt; Giesto mei my?’ (binne der ek ferskillen yn *klam?*). ‘Die organisatie gaat (goed) met z’n tijd *mee*’, Dy organisaasje bliuwt (goed, o sa) by de tiid (is modern en op ’e hichte). Twa kear ‘mei’ *kin* ornaris net yn it Frysk. Wij, jullie, zij zijn met z’n drieën, vieren’ ensfh. wurdt: Wy, jimme, hja binne *mei* (resp.) ús, jim, har trijen, fjouweren, ensfh.

‘Dat doe (zeg) je terecht’ wurdt ‘Dat dochsto (seisto) *mei* rjocht (en reden)’. *Terjochte* betsjut yn it Frysk almeast ‘op it krekte plak’: In stoel terjochte sette; Bin ik hjir terjochte? Immen terjochte sette (‘terecht wijzen’); Earne net terjochte kinne (‘niet geholpen kunnen worden’); Dy nije kompjûter kin ik net *mei* terjochte (‘niet mee overweg’).

\*‘*middels*’ en \*‘*gemiddeld*’

‘Middels’ yn de betsjutting fan ‘troch middel fan’ is in *germanisme* dat yn it Frysk (en it Hollânsk) mijd wurde moat: Kin in rekkenhâlder noch \**middels* (= troch middel fan; mei) sjeks op namme of oan toander betelje?; Se moasten fierders \**middels* (troch middel fan, oan de hân fan) in tekening beoardielje, hoe’t it lân der hinne lei; \**Middels* (troch) in kranteberjocht wurdt soks buorkundich makke. Ferkeard is ek it *anglisme* ‘by middel fan’ (‘by means of’): troch de wei fan.

‘Gemiddeld’ is as Frysk wurd net te finen yn WB-1 en yn WB-2 allinnich yn de betsjutting fan: It *gemiddelde* (de midden) nimme. ‘Het gemiddelde berekenen’ kin lykwols ek oerset wurde mei *middelje*. As eigenskipswurd of bywurd kin it mar better mijd wurde: ‘De, het gemiddelde ...’, de trochhinne, trochsnee(d): De *trochhinne* priis fan de ierdappels; De *trochhinne* boer kin der aardich komme. ‘Een gemiddeld cijfer geven’, in *middelsifer* jaan. ‘Dat kost gemiddeld’, dat kostet *trochinoarhinne* / *trochinoar nommen*, yn *trochsnee(d)*, yn *trochslach*. ‘Gemiddeld is deze sloot drie meter’, yn *trochsneed* is dy sleat trije meter; Us doarpslju binne yn *trochsneed* wolmienende minsken.

*midden*

WB-I jout allinnich ‘de’ midden. Dat is dus de standertfoarm.

#### 4.3.6. Taaleigenopdracht: *maat*

Sykje yn WB-II de oersettings fan it Hollânske ‘maat’ ris op. Wannear kin it yn it Frysk ‘maat’ wêze? Skriuw foar josels in stikmannich oare oersettings op.

#### 4.3.7. Taalsoarch: *Douwe Kalma (II)*

Ut Kalma syn *Frysk taeleigen-boekje I, It túch derút!* (sjoch ek les 3) helje wy wer wat (omstavere) idioomfoarbylden dy’t achtslein wurde moatte.

1. In mennich *eigenskipswurden* en *bywurden*:

Grove stof.	-	Grou guod.
Grof geld.	-	Grou jild.
Een dikke aardappel.	-	In grouwe ierdappel.
Dikke armen, benen.	-	Grouwe earmen (earms), skonken.
Een hevige, korte ongesteldheid.	-	In koarte grouwe.
Een dikke plank.	-	In <i>tsjokke</i> planke.
Dikke pap.	-	Tsjokke brij.
In troebel water is het goed vissen.	-	Yn tsjok wetter is it goed fiskjen.
Ruzie krijgen.	-	Yn tsjokwaar reitsje.
Helder dag.	-	<i>Ljocht</i> (ljochtskyn-)dei.
Blond haar.	-	Ljocht hier ( <i>blûn</i> komt allinnich foar yn ’e skriuwtal).
Wat is ’t hier vreselijk donker!	-	Slim, sa <i>tsjuster</i> as it hjir is!
Donker haar.	-	<i>Donker</i> hier.

(*Tsjuster* slacht op ’e ôfwêzigens fan ljocht, *donker* op ’e tsjinstelling fan ljochts).

Een schrandere (pientere) jongen.	-	In <i>skrandere</i> jonge.
Wat ben je vroeg op vanmorgen.	-	Do bist ek <i>skrandere</i> fan ’e moarn.
Een snuggere opmerking.	-	In snoade set.
Snood verraad.	-	Gemien ferrie(d).
Met veel tegenwoordigheid van geest.	-	Tige beret.
Een gevat antwoord.	-	In beret andert.

Wij zijn al een hele tijd bezig. - Wy binne al gâns in set *dwaande*.  
Een ijverig aard. - In *beuzich* aard.

Tink der fierder om dat de **Hollânske útskroevenheidswurden** as: *prachtig, heerlijk, schitterend, uitstekend, verrukkelijk, voortreffelijk* hast nea yn it Frysk werjûn wurde kinne mei wurden dy't dêr krekt mei oerienkomme. Ferlykje bygelyks:

Wat een verrukkelijk weer! - It waar is wûndermoai.

Oer it algemien bliuwt it Frysk, lykas it Ingelsk, leaver wat ûnder de mjitte, wylst it Hollânsk en it Dútsk maklik oerdriuwe. In Fries seit: 'It giet my hurdernôch' as in Hollanner ropt: 'Het gaat mij veel te hard!' De Fryske wurdearrings fan *moai* b.g. kluwe likernôch op lâns *dizze* wei: *net mâl – wol aardich – wol moai – moai – wakkere moai – tige moai – sierlike moai – wûndere moaie – ivige moai*. (Sjogge jo dat it brûken fan it foarnamwurd *dizze* hjir korrekter brûkt is? *Dizze* wiist foarút!). Foar *tige moai* ek jit: *ynmoai*. De Fryske wurdearrings binne trochstrings hoedener en wurde dêrtroch ek minder geerich utere. Boppedat binne yn it Hollânsk hjoed de dei tefolle dingen '(hartstikke) leuk'. Dat Hollânske wurdje is yn de rin fan de tiid ôfsliten, neatsizzend en in platitude, mandewurd of klisjee wurden. Yn it Frysk moat men 'leuk' as ynterferinsje (ek) tige mije.

Vader is vandaag jarig. - Hjoed is it heite *jierdei/heit* syn jierdei  
Vroeger waren we dikke vrienden. - *Foarhinne* wiene wy grutte spitsen.  
Telkens wilde hij het woord weer nemen. - *Hieltyd* (hieldtiten) woe(d) er wer oan it wurd.  
Onlangs. - Langlêsten.  
Ongeveer. - Likernôch.  
Trouwens, ik vond het ook moeilijk het  
zwijgen te bewaren. - *Sa net*, ik koe my ek net sa bêst stilhâlde.  
Opeens werd de hele omgeving verlicht. - *Ynienen (hommels)* waard de hiele *omkrite* ferljochte.  
Hij is weg. - Hy is *fuort*.  
Hij is overleden. - Hy is *wei*.  
Wy hebben hem weggebracht. - Wy hawwe him *fuortbrocht*.  
Zij heeft het verloren. - Hja hat it *weibrocht* (weitôge, weisleept).  
Zij heeft hem verloren. - Hja hat him *ferlern*.  
Het is weg. - It is *fuort* (mar jit te finen); it is *wei* (en net mear te finen).

## 2. Sinbou:

Kom eens hier! - Kom *hjr ris!* Mar: Kom *ris harren!*

a. Hy rôp it de seal oer, dat eltsenien it *hearre koe*.

b. Hy rôp it de seal oer, dat eltsenien *koe it hearre*.

Yn 2a wiist de bysin dy't mei dat begjint, op in *doel* (Holl.: 'opdat'); yn 2b (haadsin) op in *gefolch* (Holl.: 'zodat'). Tink om it ferskil yn wurdfolchoarder.

Hoe blij was ik toen ik dat hoorde! - Hoe bliid wie 'k *net* doe't ik dat hearde!  
Dat is iets om blij mee te zijn. - Dat is in ding om *der* bliid mei (ta) te wêzen.  
Dat moet blijven - Dat moat *der* bliuwe

Hollânsk: *Nooit* heeft hij *niet* geluisterd = Hij heeft *altijd* geluisterd. Frysk: *Nea* hat er *net* harke = Hy hat *nea* harke. Yn it Hollânsk nimt de iene ûntstriding de oare wei, yn it Frysk *fersterkje* de *dûbelde* ûntkennings inoar. Sa ek: Ik kin it *nearne net* fine. Ik jou it *net* oer, ear't it *net* alhiel yn 'e es is.

Sjoch ek *Mei freonlike groetnis* (stekwurd: *ûntkenningen*, s. 126-127): It kin *noait net* lang mear duorje; Ik haw der *nea net* nei taald; Hy hat *nea net* drank brûkt; Wa makket der gading oan? *Nimmen net!*

Taal is gjin wiskunde of logika dêr't min kear min plus is. Benammen yn 'e sprutsen taal wurdt de dûbelde ûntkenning brûkt om it negative, de ûntkenning klam te jaan. In bysûnder gefal binne útdrukkings lykas: *Dat is net ûnaardich* of *It soe net ferkeard wêze om ...* Troch it *stylmiddel* fan *ûntkenning fan it tsjinstelde* wurdt hjir de positive betsjutting *fersterke*.

## 4.4. Eigen wurk (30-45 min.)

Besprek en ferbetterje wer yn groepkes ien of twa selsmakke teksten.

## Korreksjebled(en) opdrachten les 4

### 4.1.1. Staveringsopdracht

*Korreksje:* tûchblikje, gegnúf, nuten, gnuve, menu, hú (= útrop fan ôfgriis, skrik), stumper, bultich, rikelju, mei rju achtinge, Baaium, foarum, iensum, bliksem, skoarem, stikem

*Korreksje:* it hok, it nôt, fange, de Wâlden, râne, sânich, rôt, rottekleaster, it sop (Frysk foar Holl.: [vruchten]sap, [zeep]sop, [groente]soep!), sloppe tee (net \*slappe!), dy jas past net, de postrinder, it kâlde waar, it sâlte wetter, in drôf barren, hja kôket lekker (kôkje = siede), grôt, hy skôp my, kôgje, bern, gers (mei 'ferzen' alle trije in stomme r), solidêr, prêry, mayonêze, werom ('tebek'), wêrom

### 4.1.3. Staveringsopdracht

*Korreksje:* konsinjearye (1. yn bewar jaan; 2. it wachtwurd of in oare ynstruksje jaan), kompanjy, sinjaal, synteze, patetysk, spagetty, rodendrum, faryngitis (= kiel[holte]jûnstekking), imazjinêr, reaksjonêr, enkête, premjêre, misêre, bêzje, Renêssânse [tiidrek], trêteur (= kok dy't it iten ôfhelje lit of tûsbesoarget, bgl. in 'ôfhelsjinees'), kres(j), slûch, sûplesse, tûpet, gûverneur, bûljon/bûillon, fûlllearje, koereur, koerzjette, koertaazje, sloech him, boekebeam

### 4.2.1. Tiidwurde-opdracht

De bûging fan de tiidwurden *bedrage* oant en mei *bliede* en *blike* oant en mei *feie* is te finen yn de alfabetyske B-list fan ûnregelmjittige tiidwurden út *Tiidwurden* (s. 35-41). Ferlykje dy ris mei de list yn *Beknopte Friese vormleer* (s. 54-56). Ferbetterje jo eventuele flaters.

### 4.2.3. Opdracht tiidwurdsfolchoarder

1. (...) der stean bliuwe moatten
2. (...) sitten [ynfinityf + n] bliuwe moatten
3. (...) lizzen [ynfinityf + n] bliuwe kinnen (kind)
4. (...) dien wurde moatte
5. (...) ploege wurde moatte
6. (...) fytsen *leare* moatte (sj. ek *Tiidwurden*, par. 4.6.5.)
7. (...) (a) dwaan moatten hawwe ('hebben moeten doen')  
(b) dien hawwe moatte ('gedaan moeten hebben')
8. (...) (a) ôfbite moatten hawwe ('[van zich] hebben moeten afbijten')  
(b) ôfbiten hawwe moatte ('[van zich] afgebeten moeten hebben')
9. (...) (a) ôfslaan moatten hawwe ('[van mij] hebben moeten afslaan')  
(b) ôfslein hawwe moatte ('[van mij] afgeslagen moeten hebben')
10. (...) (a) meitsje litte wollen/wold hawwe ('hebben willen laten maken')  
(b) makke hawwe litte wolle ('gemaakt willen laten hebben')

Taljochting:

Sin 6: Jehan en Kees sille *fytsen* leare moatte. Ferlykje *Tiidwurden*, par. 4.6.5. , s. 29-30 oer *leare*, *helpe*, *besykje*, *begjinne* (e.o.,) + *te*: Hy learde har om *dúdlík te skriuwen* (*dúdlík* is in 'bepaling'); Hy learde har *skriuwen*/hy hat har *skriuwen* leard (hat gjin *bepaling* of *foarwerp* by him: *om te* ferfalt). Ferlykje ek: It berntsje leart *rinnen*, nèt \*It berntsje leart *rinne*. Ezelsbrechje: tink der *it* by: Se sille (it) *fytsen* leare moatte; Hy leart (it) *rinnen*. Dat wol net sizze dat it by alle foarkommende gefallen mei in *-en-ynfinityf* opgiet: \*Ik sjoch har (it) *rinnen*, is bygelyks ûnsin.

D. Rienks-Wallinga, *De Bân*, 1951<sup>3</sup>, s. 115 (omstavere): 'Yn it Frysk kriget it grûnwurd allinne in *n* nei *te*, nei *it* en as wy der *it* foar tinke kinne: hy sit *te lêzen*, hy is oan *it lêzen*, hy leart [it] *lêzen*.'

Sinnen 7 o/m 10: de a-sinnen oan 'e lofterkant binne in *spiegelbyld* fan 'e Hollânske folchoarder: 'hebben moeten doen; hebben moeten afbijten; hebben moeten afslaan; hebben willen laten maken'. De beynfloeding giet fan rjochts nei lofts. Men soe dat likernôch sa beriddenearye kinne:

1. Durk moat fan him ôfbite: *ôfbite* einiget op *-e*;
2. (Dat en dat) hat *moatten*: *hawwe* freget om in mulwurd, dus: *moatten*;
3. (Dat en dat) soe *hawwe*: *soe* freget om in ynfinityf op *-e*, dus: *hawwe*.

Einrisseltaat:

2. (as bysin) (...) dat Durk fan him (1) *ôfbite* (2) *moatten* (3) *hawwe* (4) *soe*.
3. (as haadsin) (...) Durk (4) *soe* fan him (1) *ôfbite* (2) *moatten* (3) *hawwe*.

It probleem mei dy sinnen is lykwols, dat der ek noch wol in oare foarm mooglik is. Yn it Hollânsk kriget men dan by sin 7 net allinnich de *a*-fariant (boppe), mar ek de fariant *b*:

- a. Ik zou dat *hebben moeten doen*; (Frysk): Ik soe dat *dwaan moatten hawwe*;
- b. Ik zou dat *gedaan moeten hebben*; (Frysk): Ik soe dat *dien hawwe moatte* (sjoch ek *Tiidwurden*, s. 26).

It kearntiidwurd hat yn sin b in *mulwurdsfoarm* en dat moat regearre wurde troch *hawwe*, dat der dus *rjochts* fan komt. Dêrnei folget *moatte*. De mooglikheid ta in foarm as *moatten* (\*'Ik soe dat *dien hawwe moatten*'), dat yn de folksmûle wolris foarkomt, moat net ta it Standertfrysk rekkene wurde. Net dat al dy *dûbelde* mulwurden (hjr: *dien + moatten*) nea net foarkomme soene, mar goed ûndersocht is ien en oar seker net en sels oer de feiten sels stiet betizing (ferl. Marcel den Dikken en Eric Hoekstra harren artikel 'Parasitic participle', ferskynd yn *Linguistics* 35 (1997), pp. 1057-1089, en in koarte *reaksje* dêrop fan Jarich Hoekstra yn *Us Wurk*, jrg. 47 (1998), jefte 3-4, s. 139 yn de rubryk 'Op it mêd'. De konstruksjes mei dy saneamde *parasitêre ôfslutende* mulwurden binne neffens de frisisten Jarich Hoekstra en Siebren Dyk yn it Frysk *tige marzjinaal* en kinne sadwaande net foar Standertfrysk trochgean. Dat wol net sizze dat marzjinaal taalgebrûk ek altiten ferkeard is. Alle Frysk is lykwols ek gjin Standertfrysk.

De standertfoarm is sadwaande: Ik soe dat *makke/dien/regele hawwe moatte* (en net \*Ik soe dat *makke/dien/regele hawwe moatten*). Dat betsjut dat wy ús op skrift mar better hâlde kinne oan boppeneamde regels en riddenearrings en oan de itige farianten. Wat tinkt jo lykwols fan: De bern *binne rinne litten wurden* [twa kear in mulwurd: se *binne wurden + se wurde litten*]? Sjoch ek by opdracht 5.2.3. yn de folgjende les.

Ynformaasje oer de tiidwurdgroep yn de *bysin* is te finen yn *Tiidwurden* (s. 25-30).

#### 4.2.4. Opdracht tiidwurdsfolchoarder

1. (...) dien wurde moat
2. (...) pleage wurde mei
3. (...) te droegjen hingje hoecht
4. (...) ôfmakke wurde moatte sil
5. (...) stean bliuwe moatten hie
6. (...) meitsje litte wollen/wold hiene
7. (...) narre wurde kinnen/kind hie
8. (...) meitsje litte wollen/wold hie
9. (...) bringe litte kinnen/kind hawwe soe
10. (...) makke wurde kinnen/kind hie

#### 4.2.5. Opdracht mei it tiidwurd *doar(r)e*

1. Ik doarst it net weagje.
1. Do doarst net oer dy sleat ljeppe.
2. Doarsto wol fleane?
3. Dy keardel doar(t) it wol sizze.
4. Ik wist, dat er de man oanpakke doarst.
5. De bern doarsten net op it iis komme.
6. Doarst(o) úthâlde, datst(o) it net dien hast?
7. Dat hat er net weagje doarst/doaren.
8. Dat hiest net dwaan hoegd.
9. Ik wit wol, dat wy net wachtsje hoege.
10. Mem sei, datst(o) de wask net *te droegjen hingje* hoechst (*te droegjen* foarop is geef Frysk!; *hingje hoechst te droegjen* wurdt troch Tiersma (1999<sup>2</sup>, s. 104) lykwols net as ferkeard sjoen; ferl. Holl.: hoeft *hangen te droegen*; hingje is in *aspektueel* helptiidwurd en dat wurdt yn 'e regel ferbûn mei 'te' (sj. ek *Tiidwurden*, par. 4.6.4., s. 28-29 en *Bydragen ta de didaktyk fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis*, Grins/Ljouwert, 1982, s. 55).

#### 4.3.2. Bynwurden

Sjoch foar de kwestje fan *ofst(o)/oftst(o)* *Mei freonlike groetnis* ûnder *wêr't* en *dêr't* (s. 129).

#### 4.3.3. Opdracht al of net in 't

A.

1. doe; doe't; 2. ear't; 3. nei't; nei't; 4. wannear; wannear't; 5. wêr't; wêr

B.

1. hjoed of moarn; oft er it dien hat of net
2. min ofte mear

3. al stroffele ik
4. oft Jehan
5. as woe Aly
6. oft Lammert it weibrocht hat of Samme
7. as sonk er troch de grûn
8. al hie(d) er
9. of hy moat
10. as hong it libben
11. hyn ofte nei; hoe let oft wy

12. oftst(o) dyn jild barre wolst, ja of nee
13. ast(o) by my komst
14. like lang as it breed is
15. al soe de ûnderste stien boppe
16. of it moast wêze

#### C.

1. de ljedder, dêr't Wibe op stie
2. de takomst, dêr't Arjen fan dreamde
3. de reden, dêr't jimme it om diene
4. de beam, dêr't se ûnder sieten
5. it ferline, dêr't Aly oan tocht
6. de swipe, dêr'tsto mei klaptest/klapste
7. it middel, dêr't de pasjint baat by fûn
8. it gebou, dêr't wy foar stien
9. de befrijing, dêr't elts nei útseach
10. de ramp, dêr't it lân troch troffen waard
11. de misdied, dêr't de minsken oer praten
12. it lân, dêr't de emigranten hinne reizgen
13. it sket, dêr't Hâns him efter ferskûle
14. de heide, dêr't de himel boppe bôge
15. de rotsmuorren, dêr't it paad tusken weiwaard
16. de skoalle, dêr't it fabryk njonken/neist/nêst stie
17. de tastannen, dêr't de striid tsjin gong/gie
18. de herberch/herberge, dêr't de wyn omhinne gû

#### 4.3.5. Griemmank

Ferbetterings fan *pragmatyske* ynterferinsjes ûnder it kopke \*'kloppe':

- \*It is sûnde > It is skande/in griis!
- \*Ferbeane tagong > Tagong ferbean
- \*Leau dat mar > Tink dêr mar om! Dêr kinst op rekkenje!
- \*Net te leauwen > Hoe kin 't sa! Hoe is 't mooglik! Alderraarst!
- \*Jo prate mei ... > It is mei ...

#### *Situative noarms*

- Wacht u voor de hond > Tink om 'e hûn!
- Met hoogachting > Mei heechachtinge. Mei rju achtinge
- Smakelijk eten > Yt lekker!
- Graag gedaan > Ja, klear! It is wol klear sa! Ynoarder!
- Geen dank > Ja, klear! Neat te tankjen.
- Welterusten > Sliep lekker!

#### 4.3.6. Taaleigenopdracht: maat

Holl.: 'maat' is yn it Frysk:

1. *mjitte*: 'vat om mee te meten'; 'aangenomen eenheid om mee te meten'; 'afmeting, grootte'; 'de juiste, vereiste afmeting'; 'in de muziek'; 'in de dichtkunst';
2. *maat*: 'makker, kameraad'; 'iemand met wie men samenspeelt'; (oansprekfoarm): Ho *fader, heite, maat*, sa sille wy hjir net!

Holl.: 'maatkleiding', *makke*, (*oan*)*metten klean* (WB-2, 414).

*Opm.*: By *makkeklean* (*pl.*) (*Ibid.*, WB-2, s. 414) (oaninoar en de klam op *makke*) moat men lykwols earder tinke oan 'konfeksjeklean' (sj. ek WB-1, s. 594). De wurdgroep 'makke **klean**' (mei de klam op *klean*) hat grif de grûnslach west fan 'makkeklean' en dy hat sûnder mis foar Fryskpraters de betsjutting fan 'konfeksje' hân. Yn it Hollânsk fan de 19<sup>de</sup> ieu wiene 'gemaakte kleren' ek 'konfeksje'. Yn prinsipe is de wurdgroep 'makke klean' fansels like brûkber om 'maatkleiding' oan te tsjuten. As makke klean' en 'makkeklean' minder brûkt wurde om konfeksje oan te tsjuten, dan stiet it taalbrûkers frij om dy wurdgroep foar 'maatkleiding' te brûken. As idioom liket 'makkeklean'/'makke klean' foar 'maatkleiding' net korrekt. De wurdboekmakker (WB-2) moat him wat fersind hawwe.

In mooglike boarne fan it misferstân soe wêze kinne dat 'makkeklean' benammen yn gebrûk wie yn in tiid dat *djoerdere* konfeksje noch oanmetten waard. It wie dan gjin 'maatkleiding' (dy't folslein neffens de winsken fan de klant makke wurde koe), mar kaam al út in katalogus en waard yn in grut atelier út in beheind tal ûnderdielen gearstald. Yn it Hollânsk hyt sokke feredele, djoerdere konfeksje 'maatforcé'. No't 'maatkleiding' en 'maatforcé' net mear sa gebrûklik

binne, kin it wêze dat men ‘makkeklean’ assosjearret mei alle oanmjitten fan klean, dus net allinnich mei ‘maatforcé’, mar ek mei ‘echte’ ‘maatkleding’.

It ‘(pl)’ nei ‘makkeklean’ wol sizze dat ‘makkeklean’ grammatikaal meartallich is. Dat is relevante ynformaasje omdat it lemma ‘maatkleding’ ientallich is, wat brûkers fan it wurdboek it idee jaan kin dat ‘makkeklean’ ek yn it iental stiet (mei tank oan Henk Wolf, e-post 09-01-2008).

‘*Oanmetten pak/klean*’ heart hiel natuerlik oan. Fierders: ‘maatschoeisel’, *makke*, *(oan)metten skuon*; ‘maatstaf’, *mjitstêf*, ‘maatstok’, *mjitstôk*; ‘maatstreep’, *mjittestreek*.